FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

140128.2.Koopmans Coll.

Oan: bestjoer & direksje fan it
Koopmans College
Easteromwei 7
9254 GM HURDEGARYP

Drachten, 28 jannewaris 2014

Underwerp: *Frysk as fak op jimme skoalle (2de FFU-brief)*

Achte bestjoer & direksje,

Op 8 oktober 2013 hawwe wy as *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) jimme in brief takomme litten, omdat wy gjin ynformaasje fan jimme kant fine koene dat it Frysk as fak/fiertaal in goed plak yn jimme skoalprogramma krige hat. En ek net dat der fan oerheidswege in offisjele frijstelling ôfjûn is foar it fak Frysk.

Spitigernôch hawwe wy dêr gjin reaksje op krige. Om't wy ús dwaande hâlde mei de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis en de gefolgen foar it twatalich karakter fan ús provinsje, soene wy jimme jitris freegje wolle om ús foargeand brief te beäntwurdzjen. Dat brief hawwe wy hjir foar it gemak by taheakke.

Jimme freegje op jimme webside oft minsken noch in goede dosint kenne, dy kin by jimme sollisitearje. Graach sels, sa skriuwe jimme. As jimme yn 'e tuskentiid noch net in dosint of dosinten Frysk oansteld hawwe, dan soene wy dêr graach fan op 'e hichte wêze. Wy soene jimme dêrmei gerive kinne, mei't wy yn ús netwurk genôch dosinten Frysk kenne dy't ynteresse hawwe foar in oanstelling oan jimme skoalle.

Kinne wy foar 1 maart 2014 in antwurd yn 'e mjitte sjen? It wol ús net oan dat in skoalle dy't wurkje wol foar de takomst, noch fêsthâldt oan de taalideology út de 19de ieu. Op in moderne middelbere skoalle krije de bern meartalich ûnderwiis mei it Frysk as in folweardige taal. Boppedat is it Frysk ien fan de wetlik ferplichte talen en moatte der kearndoelen foar neistribbe wurde.

As feriening dy't advisearret oer meartalich (fuortset) ûnderwiis, soene wy op 'e hichte komme wolle mei jimme oanpak. Mooglik kinne wy en oare skoallen dêr profyt fan hawwe. Wy tidigje op jimme reaksje.

Mei achtinge en freonlike groetnisse,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*,
drs. Th. Dykstra, *foarsitter FFU*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer FFU*

Taheakke: earste FFU-brief d.d. 8 okt. 2013